

Rju achte professor Feitsma.

Samar ynien hie ik ferlet om jo in brief te skriuwen. Winliken is dat wat lêstich, want jo binne der net mear. Dat is te sizzen: net by ús en net op ierde. Of, dat no krekt ek wer net, want jo binne der noch wol degelik. Dêr op dat prachtige plakje op it hôf yn Brantgum, dat ik sels foar jo útsocht haw, en dêr't ik jo destiids yn it selskip fan in oantal oare minsken yn de skurte fan de ierde dellein haw, om foar altiten te rêsten. Altemets, op in sneintemiddei bygelyks, dan doch ik in slach om, en dan kom ik op plakken dêr't ik oars nea kom en faak ek neat te sykjen haw. Sa kom ik dan wolris op dy wiidske Fryske klaai, en dêr yn Brantgum, by jo grêf stean ik dan somtiden in amerijke te mimerjen. Okkerdeis wie ik dêr ek efkes en ynienen realisearre ik my, dat sa stadichoan al myn learmasters der net mear binne. Ik ha de nammen efkes op in rychje set. It is in aardich lange list wurden fan minsken oan wa't ik in soad te tankjen haw, en jo binne der ien fan. Sjoch, jo moatte fansels ien en oar ek net oerdriuwe. It wie net sa dat ik geregeld myn learmasters rieplachte, mar it feit dat it koe, joech wat fan in gerêststelling. Mei waarmte tink ik werom oan myn studintejierrren yn Amsterdam, dêr't ik jo foar it earst moete omdat ik in útnoeging krige om mei jo 'ris wat om te pielen mei wat bibelfrysk'. It binne jo eigen wurden. Wat wie it in genot, en wat hawwe dy kolleezjes myn leafde foar it Frysk, dy't wol latint oanwêzich wie, heech oplôgje litten bytiden. Mei niget tink ik werom oan de tiid dat wy elkoar wer moeten, yn Grou, as leden fan de Meniste Gemeente dêr. Wat hawwe we tegearre wat ôfhottefile oer fan alles en noch wat. Wy wienen soms beide oertsjûge fan ús gelyk, en jo noch ik woe de ein slûpe litte. It naaide der soms sa út, dat de oare leden fan de peteargroep harren wol ris ôffregen, oft wy echt earmoede hienen tegearre.

Tine Bethlehem, Rinny Kooiker-Siegers en ik wienen okkerdeis by elkoar en doe hellen we de gedachten oan jo nei boppe. Tine skriuwt dêroer:

“Warber foar 't Frysk wienen we beide, mar ús wurkfjilden rekken inoar selden. Sadwaande koenen we inoar net. Net earder as tidens in gespreksgroep by dominy Jehannes van der Meer: earder learling/student fan Tony, mar no foar har steefêst 'Dominy' en dominy sei steefêst 'Professor'. Yn 'e diskusje wienen wy ús foarnammen: Rinny, Jehannes, Pyt, Tony, Tine, Sjoerdsje ensafuorthinne. Tony op dit plak meastentiids myld, geduldich, likegoed koartwilich. We ha hiel wat ôflake, benammen om de stikels en pleagerijen tusken Jehannes en Tony, dêr om tafel yn tsjerke. Hja wie praktysk sjoen mar beheind mobyl mear en waard dêrom altyd helle en brocht troch Pyt Hellinga. Doe't Tony mei tuskenskoften siik waard en meastentiids yn 't sikehûs (MCL) fan Ljouwert telâne kaam, ûntstie der in foech minniste-netwurkje. Jehannes logyskerwize it pastorale part, Rinny pakte saken by Tony thús op. Sikenhûsbesites wiene fansels foar ferskillende minsken en ek wol gauris myn part om't it Ljouwerter sikehûs en Borniaherne sawat by myn efterdoar lizze. Fan dy besites heucht my it meast dat wêr't wy ek wienen, oan in taffeltsje yn 'e gong, by it bêd, yn 'e tún of oan in tafel yn 'e húskeamer fan Borniaherne: altyd wienen der kranten, boeken, spullen, blommen. En altyd hienen we it oer fan alles en eltsenien. Bysûnder en kostber.”

Rinny mimeret noch nei oer in besite oan jo en skriuwt:

“Ik skilje oan by suster Tony Feitsma, lid fan ús Minniste Gemeente Grou. Hja docht iepen. “No, dêr bin ik dan” sis ik. “Ja, ik hie Jo frege oft Jo in lêzing hâlde wolle oer Dr. Eeltsje Halbertsma.” Mei muoite kom ik troch in folle gong yn 'e keamer, dêr't ik in stoel frijmeitsje. “Ja”, seit se, “dat moat altyd wêze, dêr wurd ik bliid fan” en dan komme de ferhalen. Ik moat ek mei nei boppen, yn 'e stúdzjekeamer, dêr't it fol stiet mei allerhanne boeken, Frânske en Dútske bygelyks. Hja fertelt oer Parys en lit my grutsk in prachtich huodsje sjen en siden hoazen. Der is noch in keamer fol boeken (hjiir sil ik letter om har bril sykje). “We sille tee ha, mar dat dogge Jo wol, tink”, seit hja. No, hjiir mei wolris in hântaast dien wurde, tink ik by mysels as ik yn 'e keuken stean. Fan dy tiid ôf wurde wy freonen; ferskate besites folgje en ik krij kunde oan in waarme minniste suster. Doe't se de trep net mear op koe, frege hja my wolris in boek fan boppen te heljen: “It stiet op de tredde planke rjochts”. Se wist alles te stean. Wat haw ik in moaie oantinkens oan dizze bysûndere

frou; wat koene we laitsje tegearre. Nea wie der ferskil tusken my, de gewoane minniste-suster en de minniste-professor. Wy putten tegearre út deselde boarne (Ps.36).”

Oant sa fier de minnistesusters.

As jo dit lêze kind hienen, dan tink ik grif dat jo sein hienen: Sa kin it wol wer. En mei wat in ferlegen glimke, hienen jo dan de papieren fansiden skood. Dat wie jo eigen, dy beskiedenheid. Der is wol ris sein, dat minsken twa kear ferstjerre. De earste kear, wannear't it ierdske libben ophâldt, dat wie op 9 augustus 2009. En de twadde kear is, wannear't der net mear oer jin praat wurdt. En sa te sjen is dat foarearst noch net oan de oarder. Ik sil grif noch wol ris op it hôf fan Brantgum komme en dan op jo grêf in blomke dellizze of in kearske brâne, om dan de skiednis noch ris troch my hinne gean te litten. En dan, yndachtich de wurden fan Gysbert Japicx op jo stien, sil ik my jitris realisearje dat de tiid ferrint en fuortgiet, mar as it goed is, de minsken oan wa't dy tiid jûn is nea. En goed wie it.

Mei achtinge, en in hertlike groet,
jo âld learling en lettere learaar, as meniste dominy yn Grou,
Johannes van der Meer